

[0246]

## ONBIKENDE MIDFRYSKE SKRIUWERS (III)

9. S.C. Vitringa, *Juris Stud.* stiet der ûnder *Jen lyts frysk rymke oer it boosk fin dy twaa brauwe jonge lieuw Everwyn Drabbe, in Jantje Knilliske Vriemoet, yn dy egte stæetforbuwn dy 21 finne Lentemoane ynt jyer 1756 (1756C)*, opnommen yn de *Epithalamia latina et belgica. Huwelyks-zangen voor den Heer Everwyn Drabbe en jongkvrouwe Joanna Cornelia Vriemoet (Franeker 1756)*. Yn de ljouwerter tsjerkeboeken lêze wy, dat ús dichter folút hjit fan *Sixtus Campegius Vitringa* en doopt is op 30 maart 1736 yn Ljouwert as soan fan *Ernst Vitringa*, lânmjitter en notaris yn Ljouwert <sup>1)</sup>, en *Johanna Bruijnsvelt* (troud yn okt. 1714). Sixtus Campegius syn pake wie *Horatius Vitringa* (troud mei *Dieuke Duijff*), en *prof. Campegius Vitringa (senior)* wie dus in âldomke fan him <sup>2)</sup>. De *Horatius Martinus Vitringa*, oan hwa't by syn houlik mei Johanna Wilhelmina Winter yn 1765 ek in fryske lokwinsk skreaun waerd, wie in broer fan ús Sixtus Campegius; hy waerd doopt yn Ljouwert op 4 febr. 1735 en forstoar dêr op 2 juny 1787 <sup>3)</sup>. Yn it matrikel fan de frentsjerter universiteit steane fuort ûnder elkoar yn 1752 ynskreaun: *Horatius Martinus Vitringa Leovardiae Frisius* en *Sixtus: Campegius, Vitringa. Leovardia, Frisius*. Op 26 maeije 1757 fine wy S.C. Vitringa as *I.U. Cand.* yn it frentsjerter matrikel, en op 13 septimber 1757 wurdt *Dr. Sixtus Campegius Vitringa* ynskreaun yn it matrikel fan de abbekaten oan it Hof fan Fryslân <sup>4)</sup>. Fan in houlik fan S.C. Vitringa is ús neat bikend, en ek oer syn dea fine wy neat yn de ljouwerter bigraffenisboeken. Yn de liifrinteregisters lêze wy lykwols, dat er op 29 jannewaris 1760 forstoarn is <sup>3)</sup>. Yn de *Leeuwarder Saturdagse Courant* fan 5 desimber 1761 kundiget de ljouwerter boekforkeaper H.A. de Chalmot oan dat er op tiisdei 8 desimber en folgjende dagen "ten zynen Huize" forkeapje sil "Een Heerlyke en zeer net geconditioneerde Verzameling van Godgeleerde, Historische, (waar onder zeer zeldzame over de Geschiedenissen onzes Lands) veele Reisbeschryvingen, uitmuntende en kostbare Poëten, Natuurkundige en meer andere treffelyke Boeken, nagelaten door W. de Heeren S.C. VITRINGA en J.P. . ., waar by nog een Cierlyk Staand Horologie met een Notebomen Kast. en meer andere Fraaijgheden, als meede een Appendix van meest Fransche Boeken, waar onder treffelyke Werken".

1) Ernestus Vitringa is op 9 des. 1709 opnommen yn it matrikel fan de lânmjitters, en op 14 maart 1722 ynskreaun as notaris (R.A. Ljouwert, MMM).

2) sjoch Gedenkschrift van Mr. C.L. Vitringa I (Arnhem, 1857), p. 29.

3) Liifrinteregisters op R.A. to Ljouwert, R 53 Ic op 11-11-1750 (f. 67<sup>r</sup>).

4) MMM op R.A. yn Ljouwert.

S.C. Vitringa syn mem wie in *Bruijnsvelt*, syn eigen foarnamme wie *Sixtus*. Lykwols stamt Vitringa net ôf fan de Sixtus Brunsveld, oan hwa't Gysbert Japiks yndertiid in fers skreaun hat. Johanna Bruijnsvelt wie de dochter fan Sijds Joannes Brunsveld, koekebakker yn Ljouwert, en Trijntie Jacobs (Duyvensteyn) (troud 18-11-1694). Sijds Joannes Brunsveld, soan fan ds. Johannes Hermannus Brunsveld fan Waeksens-Brantgum, is mooglik in efterneef fan de bikende Sixtus Brunsveld, mar de foarnamme Sijds komt by him faeks fan memmekant, by de Van Tjessensen wei <sup>1</sup>).

1) Neffens hânskriftlike oantekeningen oer de Brunsveld's op it Stedsarchyf yn Ljouwert en neffens ynljochtingen fan Ir. G.L. Meesters yn Utert.